

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Poepjes  <b>Underwerp: Brêge Skûlenboarch</b>
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>De brêge fan Skûlenboarch is (wer) stikken fearn. Reparaasje of ferfanging kin noch in hiel skoft duorje. Rykswettersteat hat besletten dat der gjin tydlik pontsje komt oer it PM-kanaal. De Rykstsjinst fynt dat der te min minsken gebrûk fan meitsje wolle soene. Ek soene de kosten net te ferheljen wêze.</p> <p>Der is grut beswier fan de pleatslike mienskip oer it útbliuwen fan maatregels. It doarp fielt him letterlik yn midstwaën snijd. It alternatyf om minimaal 5 km om te riden liedt ta argewaasje. Dêrneist is der ekonomyske ferfolchskea te foarsjen foar bedriuwen yn de omkriten, no't de koartste rûte oer it kanaal net te brûken is.</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"><li>1. Is it Kolleezje/de Provinsje troch Rykswettersteat op de hichte brocht fan de ûntstiene sitewaasje mei de brêge Skûlenboarch? Sa ja wannear wie dat en hoe giet soks yn syn wurk tsjintwurdich nei de oerdracht fan it PM kanaal oan it Ryk?</li><li>2. Wat is jo ynhâldlike reaksje op de argumintaasje fan RWS om gjin tydlike oerset foar it doarp te regeljen?</li><li>3. Binne der ek provinsjale belangen anneks mei de stremming fan de brêge Skûlenboarch? Sa ja hokker?</li><li>4. Binne DS ree om, mei de lokale mienskip en de gemeente, ienriedich en mei krêft by Rykswettersteat oan te stean op it ynstellen fan tydlike maatregels lykas in pontsje? Graach jo argumintaasje.</li></ol>

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)  FNP, Klaas Fokkinga
---------------	--

Datum	25 jannewaris 2017
-------	--------------------